

Oranje op De Klinze

skreaun foar de besite fan Willem en Maxima oan Aldtsjerk
songen troch de skoalbern fan de Trynwalden

der stean yn Fryslan hiele moaie stinzen	F	A7	Dm	F7
't foarname fan't ferline bleau oerein	Bb	F	C7	
sa biedt hjir hjoed ek bygelyks De Klinze	G7	C7		
ferdivedaasje foar de hegerein	G7	C7		
want Willem Alexander	Bb	F		
dy bringt syn Maxima	Bb	F		
sy komme hjoed op sicht	Bb	F		
en dus sjonge wy har ta:	G7	C7		

<i>refrein:</i>	<i>it giet yn 't libben echt net om de franje</i>	F	C7	F
	<i>ast swart of wyt bist, fjoerread of oranje</i>	Bb	G7	C7
	<i>it is gelyk foar minima en Maxima :</i>	Bb	C7 F C7 F	
	<i>elk minske moat it fan de leafde ha!</i>	C7	F	

de sport dat is foar Willem wier wol wichtich
hy sit ek yn't Olympysk Komitee
yn fryske sporten is hy noch fersichtich
wa wit komt Willem hjoed op in idee
 hy kin hjir hiel wat leare
 oer skutsjesilerij
 it fierljeppen, it keatsen
 dat komt hjir hjoed foarby

refrein:

us Willem is sa kalm en evenredich
hy komt ek ut dit kalde kikkertlan
al is hy op in feestje soms wol snedich
hy springt net fuortendaliks ut 'e ban
 mar Maxima bringt passy
 ut Sud Amearika
 sy dunset graach de tango
 en ek de cha-cha-cha

refrein: